

Jieroersjoch 24 april 2017- 23 april 2018

It jier fan de BioNee.

Meastal sjit my wol in moaie iepeningssin te binnen as ik it jier oereidzje. Dit kear net. Eins alinne ien wurd : bah !

Bah, wat in aaklike plannen hingje it doarp boppe de holle. Bah, wat in drok en stressich jier foar ús as bestjoerders fan Plaatselijk Belang Kootstertille. Want wat ha we in striid en spanning en gedoch om it wolwêzen fan ús doarp!

Al fanôf 2014 ha we as doarp oanjûn neat te sjen yn de festiging fan in saneamde biofergister op de Westkern. It is in gefaarlike lokaasje, te ticht by it doarp. It jout in soad ekstra ferkearsbewegingen, fan en nei de fergister. En hoe mear we ús deryn ferdjippen, hoe mear we oertsjûge rekken dat cofergisting meast net sûnder oerlest foar de omjouing is, dat it fan ynfloed wêze kin op de sûnens, dat it net sûnder gefaar is en dat it net duorsum is as de dong fan fierder as 10km wei helle wurde moat.

It wie in skoft stil bleaun, mar der kaam ynienen wer libben yn de plannen. We rjochten in wurkgroep op, om de fergister te kearen, BioNee . De gemeente organisearre 1 juny in ynformaasje jûn foar it doarp. We waarden der neat wizer fan, krektoarsom bleaunen we mei hiel folle fragen sitten. It doarp klage har noed by de gemeente en stelde allerhande fragen. Mar ek no wer, stelde it ús net gerêst. We organisearren in handtekening aksje tsjin de komst fan in biofergister op de Westkern, en hellen mar leafst 1300 handtekeningen op. Op in ynwennertal fan 2600 is dat sa goed as elke húshâlding. We sprutsen tich kear yn by de gemeenteried, hienen oerlis mei B&W, mei riedsleden , de deputearre, ferskillende deskundigen. Ferdjippen ús yn yngewikkelde regels en wetten en processen. Lieten ús hearre en sjen op radio en tv. Ta ús grutte frustraasje feroare der neat. De ûndernimmer sette syn plannen troch. Wol waard socht om in oare lokaasje, likegoed op de Westkern, en dêrmei loste dat foar ús neat op. No soe

der ek noch in biomassacentrale by komme. Ús waard neat frege en tiid om ús der yn te ferdjipjen of it doarp te ynformearjen wie der amper. It wie wol dúdlik dat it nije plan twa kear sa slim wie. Oftewol letterlik in plan fan stront! Flak foar de riedsgearkomste fan 20 april feroare it plan wer : earst gjin biomassacentrale, mar wol likegoed in cofergister op de Westkern, in eintsje fierderop. Wer ha we witte litten dat it doarp him dúdlik útsprutsen hat tsjin in fergister op de Westkern. Op it momint dat ik dit skriuw, wit ik net hoe't it fierder giet.

Wol wit ik dat we tich kear byelkoar west binne foar oerlis, tich kear op in paad west binne, tich kear hopen dat we "it lek " of in "raffeleintsje" fûn hiene, om der hast like faak achter te kommen, dat it miskien wol in frjemd ferhaal wie, dat der miskien sels wol fouten makke wiene, mar dat dêr no ienkear neat oan te dwaan is. It koste ús in ferskriklik protte tiid en argewaasje en we makken as PBK ek noch in soad ekstra ûnkosten.

Fansels spile der mear dit jier :

Yn it foarrige jieroersjoch neamde ik al de soargen dy't der wiene omtrint de firma Waaksma. Mei in soad ynspanning wist dit moaie bedriuw lokkich te oerlibjen, ûndanks de skeadelike nije regels.

Wa't net oerlibbe, wie de iisbaan. Dy waard ôfkeurd en de lêste bestjoerders heven de feriening op. Lokkich kaam der in interim bestjoer dy't de boel wer yn e stokken besiket te krijen en mei plannen komme sil. Doe't it frear wie de tennisclub gau beret : der waard in baan beskikber steld, ûnder wetter set troch frijwilligers en doe koene de bern toch ride. Dat binne moaie dingen foar it doarp !

Ek moai is it dat de Koaten klear is. En hooplik in stik feiliger wurden is, want dat wie it doel. De wei waard feestlik iepene. We mochten meitinke yn it programma en betochten dat it feest foar it hiele doarp wêze moast. De Koaten is ommers ús aller - en iennige - ûntslútingswei.

De Âlde Dyk bliuwt in probleem en gefaarlik foar meinamme oerstekkende skoallebern. We ha wer oerlis mei de wethâlder hân, der komme buordsjes, der komt oerlis mei de skoallen. Mar struktureel feroaret der neat. We ha mar ien ûntslútingswei , ek it frachtferkear moat dwers troch it doarp.

Flak foar de ferkiezingen foar de gemeenteried, 19 maart, organisearren we wer in Tilster polityk debat. Fansels giet it ek wer oer de cofergister. Mar laken guon ús yn it earstoan út, nó die bliken dat alle partijen it gjin goed idee fine, in cofergister flak by it doarp. Wethâlder Spoelstra fertelde fleurich oer in twadde ûntslúttingswei by it bedriuweterrein fan Surhústerfean, mar nimmen fûn it lykwols belangryk genôch om ús dóarp feilich te ûntslúten.

Kearn makke fan alle doarpen in saneamde doarpsfoto. Dêr die bliken dat we as ynwenners net ûntefreden binne oer ús doarp. We ha de nedige problemen, wolle graach mear wenningbou, mar as der gjin fergister komt, wenje we toch mei wille op de Tille.

We praten yn in breed oerlis oer de problemen mei oerlest fan jeugd.

Der wie oerlis mei ferskillende minsken, ynstânsjes en bedriuwen. We gienen nei nijsgjirrige byienkomsten en winsken faak dat we mear tiid hienen om léuke dingen foar it doarp te betinken.

De fêste dingen gienen ûndertusken gewoan troch :

- we krigen wer jild foar it leefbaarheidsfonds en partten dit om.
- it jeugdwurk krige syn gerak. Ek seagen se kâns it Sinteklazefeest te organisearjen, hoewol dit eins net op har paad leit !
- it zwerfvuil projekt én de "glastassen" soargje foar in skjin doarp en in ekstra bûssint foar de ferieningen.

It is in goede gewoante dat B&W op wurkbisite komt yn de doarpen. No hiene we elkoar de lêste tiid al faak genôch sjoen, mar toch wiene se tige wolkom 20 juni. We hienen earst in goed oerlis, lykwols koart, want we wiene útnoege in middei mei te farren op it Tilster skûtsje " it Wâldwif ". It wie prachtig sylders waar en we waarden tige bedoarn troch ús geweldige gasthearen en dames. Tige tank !! Wat in moaie middei hiene we meielkoar ! Ien bestjoerder fan ús woe net mei, hy wie sa kûgelsk fanwege de biofergister, dat er bang wie dat er ûnderweis it kolleeje yn it djippe gat dumpe soe..

As bestjoer moasten we per 1 maaie in nije skipper ha. Fanwege Sake syn riedslidskip en de striid om de cofergister, wie it better dat er tydlik bestjoerslid en foarsitter ôf wie.

We beneamden Sake as adviseur en jo skriuwster naam dit jier syn funksje as foarsitter der by. Wol ûnder betinkst dat de wurkgroep BioNee in eigen foarsitter krije soe. Lokkich wie Andries Hovinga ree dy taak op him te nimmen.

It bestjoer fan Plaatselijk Belang bestie dit jier út :

Lys Visser, foarsitter en skriuwster,

Alie vd Bosch, ponghâlder,

Dineke Terpstra, notuliste en jeugdwurk,

Gialt Dykstra, algemien.

Jellie Koetje, webside,

Dirk de Vries, webside

Sake vd Meer , adviseur.

De wurkgroep BioNee bestie yn wikseljende gearstalling út :

Andries Hovinga, Gialt en Marian Dykstra, Arie van Engelen, Atty vd Heide, Oebele Vries, Hielke Jager, Jelmer Kooyker, Jelmer Bloembergen, Dineke Terpstra, Lys Visser.

Dit wie net ús fleurigste jier. We ha grutte noeden en soargen om ús doarp. Wol ha we sjoen dat it fan grut belang is dat we meielkoar steane. Dat we net opjaan moatte. Der meielkoar de skouders ûnder sette. We hoopje sá dat we in bettere en foaral fleuriger tiid meielkoar temjitte geane. Wý sette troch.

Lys.

